

Het eindverslag van de onder 19 fan ONT

Nei een lange verslagstilte is het toch gepast om oan het einde fan het seizoen terug te blikken op wat er ien de leatste wieken ollejer is gebeurd. De competitie kende oan het eind een protte verassende utslagen wat ollejer positief foar ûs hie kinne utpakken, mits wij ûs wedstriiden hienen won. Bij ûs ron alles ek net meer soepel, en een moeizame winstpartij wurde eigenlijk oltiid gevolgd troch een nipte nederlaag. Wer ûs directe concurrent Kollum punten verspiele en kansen bood foar ûs, dienen wij mei Kollum mei.

De energie wie op het einde op, en wij lieten don ek vooral punten lizze ien de midweekse wedstriiden, die krekt wat te snel volgden op de wedstriiden op saterje. Ik wit net wer de verslagen binne eindige, mar volgens mij wie dat bij Oerterp út, dus sil ik de gebeurtenissen behandelje nei deze wedstriid.

De wedstriid nei Oerterp wie nog positief mei een 2-0 overwinning op het mooie sportpark Douwekamp. Echter hie deze wedstriid gjin invloed, eigenlijk een slechte invloed op de ranglijst foar ûs. Kollum spiele gelijk tsjin Opende, mar dernei stapte Opende út de competitie, wat ûs inhaalslag fan 2 punten ongedaan makke. De wensje dernei wurde nipt mei 0-1 fan Twijzel verlern helaas, wat de moed ien ûs skuon liet zakjen. Nei deze wedstriid wie de competitie foarbie, want wij tochten dat Kollum gjin punten meer soe verspieljen.

Echter gong het oars, en neidot wij mei 2-3 wonnen út bie Harkema en Kollum verlern bie Oerterp, kwam de hoop wer helemaal terug. De wedstriid dernei wie wederom tsjin Twijzel, en deze moest won wurre. Ien een hele sterke eerste helft foar ûs wer wij de frustratie oerwonnen, gongen we de rust ien mei een 2-4 voorsprong. Helaas ston die voorsprong nei 5 minuten ien de 2^e helft al net meer op het scorebord. Ien de 85^{ste} minuut mei een 5-5 tussenstand joegen wij ek nog een penalty fuort, wat ûs wederom een nederlaag oplevere tsjin Twijzel.

De leatste wedstriiden tsjin hekkensluiter Friese boys koenen echter nog wol eens wonderen opleverjen, ot Kollum ien elke wedstriid punten soe verliezen, en ot wij beide wedstriiden soenen winnen. Het leek ollejer rooskleurig foar ûs nei de eerste wedstriid tsjin Friese boys. Overtuigend wurde er won op het thûsfront mei 3-1. Kollum verspiele wer eens punten wat ek meiholp ien ûs tocht nei boven. De tiisdei dernei ston de return olwer op programma ien Kollumersweach. Deze wedstriid

eindige helaas ien mineur mei een 2-1 verliespartij. De competitie gong helaas op een negatieve manier ten einde, mar gelukkig koenen wij deze negatieve sfeer helemaal omzetten ien het wiekein dernei mei ûs leatste teamuitje.

Ien het wiekein ston namelijk het weekendsje Amelân op het programma, ter afsluiting fan ûs, achterau besjoan, hele mooie seizoen. Dot de leatste fase net helemaal op ûs gewilde manier eindige betekend natuurlijk net dot we de eerste 2 fases matte verjitten, wer wij de bekercompetitie wonnen, en de eerste competitiefase. Een nipte nederlaag ien de 8^{ste} finale fan de beker tsjin 1^{ste} klasser Drachtster boys wie ek nog een prestatie fan ûs, omdat dat een wedstriid wie wer wij ûs strijlust toonden en lieten sjin dat wij echt 1 team wienen. Fjirder wie der eigenlijk oltiid een (soms iets te) gezellige sfeer op trainingen en bûten het fjild. Mei het meintsjen fan een tiktok account, meerdere teamuitjes op het programma en het skjinmeintsjen fan de reclamebuorden op een te kâlde saterjemoarne, hienen wij oltiid wol wat op de planning. Steeds makken wij het beste er fan mei ûs team.

No gjinne we troch nei het uitje op Amelân, wat het tredde teamuitje fan het seizoen wie. Foar Gerk-Jan, Joël, Jelte en Jorrit begong het freed al betiid. Alle boadskippen moesten dien wurre, en natuurlijk moesten de terraskes olvast even test wurre, sadot alles veilig wie foar de rest fan het team. Fjirder moesten wij nog even wat fietsen huren. Natuurlijk kinne je een normale fiets huren sa os de meesten, mar Joël en Jorrit gongen foar de tandem. Neidot alles wie goedgekeurd troch “de Amelâncomissie”, wie de rest welkom en moesten wij ûs nog mar even vermeintsjen terwijl wij wachten op de rest. En wat kinne je no better dwan op een warme dei os midgetgolven? Nei een bloedstollende 18 hole game gong Jorrit er mei de winst fan troch. Rond het eind fan de midje/begjin fan de jonne kwam iederien binnen druppeljen en rond een oere os 8 wienen wij compleet foar de minsken die op freed kwamen (John kwam pas op saterje). De bestelde pizza’s wurden ophelle, en er wurde eerst gezellig mei sien allen gedineerd. Nei een gezellige jonne mei voetbal, pingpong en bier & Beerenburg, wie het tiid om mei sien allen op stap te gean. Nog lang net iederien hie de eerste dei een fiets, wertroch elke fiets iemand op e bagagedrager hie. Oankwam ien Nes wie de vraag nei welke club we moesten gean. De lichtboei wie iepen, mar der wie niemand, werop wij besloten om nei de Swinging Mill te gean die ticht bleek te wezen wegens het rugbyfeest. Nei lang overleg wat we gongen dwan, werbij ek nog een hek sneuvele, besloten we om toch mar nei het

rugbyfeest te gaan. Op het strân stonden 2 grutte feesttenten, wer wij ûs de hele jonne wol vermakke ha. Oan het einde fan de jonne wie der een lyts logistiek probleem, want er wienen te weinig fietsen om iederien mei te nimmen nei hûs. Jesse probeerde een bezette taxi te regeljen, mar helaas lukte dat net. Neidot de taxichauffeur zei dat er gjin plak meer wie ien de taxi freege Jesse nog even foar hoevolle man, mar uiteraard wie dit antwurd 0. Ien etappes kwam het team 1 foar 1 binnenstromen bij de kampeerboerderij. Sommigen hienen de eagen al ticht, mar natuurlijk wienen er een pear mannen die even wat minsken moesten wekker meintsjen. Op een keamer leverde dit zelfs een lyts gatsje op ien de muorre, mar dat is natuurlijk bijzaak. Dei 1 wie op sien eind.

Dei 2 begong mei een ontbijt, wat net gezamenlijk wie, omdat de iene helft nog lei te sliepen en de oare helft al wekker wie. Wat wol gezamenlijk wie, wie de activiteit rond een oere os 12. Wederom gongen we nei het strân, wer de raft en wat kajakken foar ûs klear leinen. Alle overgebleven energie fan justerjonne moest er nog mar even út. Dit wie ek het eerste moment dat trainer John ien beeld kwam. Het wie een geslaagde activiteit die iedereen compleet uitputte. Het ienige negatieve fan deze activiteit wie de zoute Noordzee. Nei deze activiteit kriigen we vrije tiid, wat vooral ienzette wurden om te douchen en om snackje te heljen. Om 6 oere wie iederien wer terug bij de kampeerboerderij, wer de barbecue oanslingere wurde. Nei een lekker hapke ieten rustten wij ollejer nog een bietsje út ien de sinne of ien bed, mar om 9 oere siet bijna iederien olwer klear foar de Champions league finale.

Nei de finale gongen wij wer mei sien allen nei het strân foar het rugbyfeest, deze keer wol mei genoach fietsen. Er binne genoach dingen gebeurd deze jonne, mar "what happens on Ameland, stays on Ameland" natuurlijk, dus er mat mar net te folle sein wurre fan deze jonne. Het wie zeker een gezellige, geslaagde jonne foar iederien. De nacht verron deze keer wol wot rustiger, omdat iederien wol graach op bed woe. Dei 2 kwam ek tot sien einde.

Snein te moarne moesten wij de kampeerboerderij wer verlitten, en gongen we wer mei de boat terug nei hûs. Het wie een geslaagd wiekein wer iederien zich wol vermakke hat. Het verslag eindigt hjir echter net, want wij hienen nog een toernooi ien Harkema de freed ernei.

Mei 11 man kwamen we oan ien Harkema, mar neist 11 man hienen wij ek 1 vrouw. "mascotte" Lynn krieg ek de gelegenheid om te spieljen bij ûs, aangezien wij oan 11 man zeker net genoach hienen. De vraag kwam al op wat we soenen dwan ot iemand soe utvallen mei een heftige blessure, en nei 10 minuten wie het Hendrik die fan het fjild au helle wurde mei een hamstringblessure. Toen moest Lynn debuteren. De eerste wedstrijd eindige ien een 1-0 verlies tsjin Feanstars. Echter kwamen zij wat mei een oare ienstelling dan ûs nei het toernooi wat zich dus ek wat reflecteerde ien de útslag.

Bij ûs wurde de opstelling namelijk bepaald troch een lotingsysteem, wat resulteerde ien verrassende opstellingen. Fan Mathijs en Uilke os keeper, tot Christian ien de spits; het koe ollejer op dit toernooi.

Christian woe het hele seizoen al een keer ien de spits spieljen en krieg ien de 2^e wedstrijd tsjin de Boys út Harkema eindelijk een keer de kans. En hij begong heel sterk. De eerste 2 ballen die Christian foar de fuorten krieg belandden beide ien het netsje. Iederien die dernei dus sien best om Christian sien hatrick te besoargjen, dus het wie "alle ballen op Chris". Nei een aantal hele grutte mogelijkheden slagge hij er helaas net ien om sien hatrick te complementeren, mar 2 goals ien 20 minuten is zeker net een slechte prestatie foar een spits.

De leatste wedstrijd eindige ien 1-0 foar Drachtster boys, wat een wedstrijd wie wer net folle meer oer te vertellen wie. Wij eindigen op een stabiele 3^e plakje, wat ûs een enorme trofee oplevere.

Dit wie dan het einde fan een prachtig seizoen, mei folle mooie momenten en een pear momenten die wat minder mooi wienen. Echter wienen er genoach mooie momenten om foar de mindere momenten te compenseren en kinne we trots weze op ûs prestaties. Volgend jier binne wij nog steeds te bewonderjen bij ONT: het grutste gedeelte ien de B-selectie en Uilke ien de onder 19. Joël en Thys ha ol een punt achter hun voetbalcarrière zetten en sille wat oars dwan. Mar ik soe sizze bedankt foar dit seizoen en tot volgend jier!